



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jorjaan en begjint ‘in nij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus. Sara en Simon binne op deselde dei berne, in twilling dus. Sara is de âldste en tige nijsgjirrich. Simon is de jongste, mar wol de grutste. Sara fynt Simon eins mar in wiisprater, want dy hat op alle fragen wol in antwurd. Simon fielt himsels, as Daniël net thús is, de grutte broer en neamt Sara ‘myn suske’. Dat makket Sara poer. “Mar ik bin lekker de âldste fan ús beiden!”, ropt se dan.

De Fariseeër en de tolgarder Lukas 18, 9-14

Sara en Simon sieten, mei de rêch tsjininoar oan, yn de synagoge te wachtsjen op pake. Pake gie moarns altyd nei de synagoge ta om yn de grutte boekrol te lêzen. Sara draaide de holle om en flústere: “Fan wa soe dy boekrol wêze?”
“No gewoan, dy heart hjir yn de synagoge”, antwurde Simon.
“Nee, dat bedoel ik net. Dy boekrol is de Tora! Mar fan wa is de Tora?”
Simon fûn it mar in stomme fraach fan Sara. Hy bromde: “No, dy is gewoan fan God!”
Pake hearde dat Sara en Simon it oer de Tora hiene. Hy gie by harren sitten en sei: “Simon hat gelyk, de Tora komt fan God!”
Sara suchte: “Ik begryp der neat fan! Hoe kin God no...”
Pake moast laitsje en sei: “God hat de Tora hjir net sels dellein, hear Sara! It is al hiel lang lyn dat Hy de wurden oan Mozes jûn hat op de berch Sinaï.”
Simon knikte en sei: “No gewoan, en Mozes hat se oan ús jûn.”
Pake knikte en sei: “Dat is sa, Simon! En dat is al langer as tûzen jier lyn. Doe sei God tsjin Mozes: ‘Jim binne myn folk. Ik sil mei jim in ferbûn oangean. As jim de Tora lêze, bin ik hiel tichteby!’”
“Is de Tora dan al sa âld?” frege Sara. Se koe it hast net begripe.
“Ja, want God is ek al hiel âld”, sei Simon.
Pake glimke en sei: “Kom we geane bûtendoar sitten. Dan fertel ik jim noch in ferhaal mei in foarbyld.”

“Dan is it grif wer in ferhaal fan Jezus”, sei Simon.
Pake knikte.

Twa manlju giene nei de timpel om te bidden. De iene wie in Fariseeër en de oare wie in tolgarder.

Fariseeërs wiene gelearde lju, dy't alle dagen yn 'e Tora learden. Se liezen net gewoan yn de Tora, mar learden! Dat makke dat se in hiel soad wisten. Mar dêrmei fûnen se harsels ek better as alle oare minsken.

Dy tolgarder wie in man dy't belestingjild foar de Romeinske keizer ophelle. De minsken hiene in hekel oan tolgarders, want dy fregen om mear jild as dat de minsken betelje moasten.

De Fariseeër rûn nei de midden fan it timpelplein ta. Sa koene alle minsken him sjen. Hy stie rjochtop en bea: “God, ik tankje Jo dat ik net sa bin as al dy oaren, dat ik net alles foar mysels hâld. Ik bin altyd earlik. Tankewol God dat ik net sa bin as dy tolgarder dêr. Ik jou in soad oan earme minsken.”

Hy fûn himsels geweldich en bidde mear ta himsels as ta God.

De tolgarder stie earne efteroan, al hielendal yninoar dûkt en poer allinne. Hy gûlde.

It is mar better dat de minsken my hjir net sjogge, tocht er. Hiel sunich bidde er: “Hear ik haw in soad dingen ferkeard dien. En dochs wol ik sa graach by Jo hearre. Wolle Jo my helpe?”

Dy tolgarder fûn himsels mar neat.

Pake seach fan Sara nei Simon en werom. Hy frege: “Wat tinke jim? Wa fan dy twa is in freon fan God, de Fariseeër of de tolgarder?”

Se lutsen allebeide oan 'e skouders. Se wisten it net.

Mar pake fertelde fierder...

“God hat de tolgarder wol sjoen, dêr allinne yn it hoekje. Hy hold fan him, omdat er spyt hie. Alle minne dingen dy't er dien hie, waarden him ferjûn.”

“O ja, en foardat ik it ferjit”, sei pake, “Jezus sei noch: ‘Wa’t himsels grut makket is lyts en wa’t himsels lyts makket is grut.’”

Simon knikte en folle oan: “... foar God.”